

Nijjerstaspraak 2021

Kommissaris fan de Kening yn Fryslân drs. A.A.M. Brok

Wolkom yn de Steateseal fan it provinsjehûs yn Ljouwert!

Op 3 maart is it 125 jier lyn dat Kommissaris fan de Keninginne Binnert Philip van Harinxma thoe Slooten dizze steateseal iepene.

Noch altyd ien fan de moaiste monumintale romten yn ús provinsje.

Dit is it plak dêr't ús provinsjale parlemint, de Provinsjale Steaten, besluten oer de takomst fan ús provinsje nimt.

Fan 't jier steane wy op ferskate mominten stil by it 125 jierrich jubileum fan dizze seal en sette wy de doarren iepen foar inisjativen dy't gebrûk meitsje wolle fan dizze romte...

Dit hûs is ommers fan de Fryske mienskip.

It provinsjebestjoer stiet yn ferbining mei ús 11 steden, fjouwer eilannen en 400 doarpen.

Dat hawwe wy yn 2020 ek dien.

Leden fan it kolleezje wiene sichtber by ferskate sektoaren yn ús maatskippij; fan sikehûs oant boerepleats, fan fytsewinkel oant merke-eksplôitant.

Om te harkjen, te bemoedigjen, mar ek om te hanneljen.

Njonken it stipepakket fan it Ryk hawwe ek Provinsjale Steaten ekstra jild útlutsen foar minsken en bedriuwen dy't troch koroana rekke binne. Nei aard en skaal binne de Fryske ekonomy en de kultuer stipe.

Der is koroanawurgens. By âlderein, by jongerein.

By ûndernimmers dy't noed oer harren bedriuw hawwe.

Je sille je brea mar yn de evenemintesektor of yn de hoareka fertsjinje moatte. Wat tinke jo fan de kappers...

It konsumintebetrouwen rint tebek en de wurkleasheid op.

Dat rekket ek ús Fryske ekonomy.

De krisis ûnderstreket it belang fan goede sûnenssoarch.

Graach betankje ik nochris al it soarchpersoneel foar de ynspannings! Sy binne ús minsken yn de frontliny.

De kosten yn de soarch rinne bot op en omtinken om sykten foar te kommen troch sûn te libjen liket urginter as ea.

Minsken mei ûnderlizzende oandwanings lykas oergewicht en sûkersykte rinne ommers ekstra risiko.

Hoe riede wy ús ta op it nije firus?

Oprinnende kosten binne der ek yn de jeugdsoarch. Gemeenten yn Nederlân hawwe der ferline jier 1.6 miljard euro mear oan útgjûn as dat se fan it kabinet krigen. Ek komme der hieltyd mear bern yn de helpferliening telâne.

Dy ferantwurdlikens drukt swier op de skouders fan de Fryske gemeenten. Sy moatte pynlike karren meitsje om de begruttings slutend te hâlden. It is dreech te akseptearjen dat in ryk lân as uzes, nettsjinsteande de ekstra help, net by steat is de tagonklikheid fan de soarch te ferbetterjen.

De tagonklikens fan de soarch sil ek yn Fryslân omtinken freegje.

Hoe komt it mei de spesjalismen yn ús sikehûzen en hoe soargje wy derfoar dat elk op 'e tiid en op it goede plak de goede soarch krijt.

Wy sjogge út nei it jier dat foar ús leit.

Mooglik wol mear as ea.

Wy wolle perspektyf.

Fryslân hat troch de iuwen hinne altyd in provinsje west dêr't de mienskip sintraal stiet. Wy fiele ús mei inoar en mei ús omjouwing ferbûn.

Yn it promoasjeûndersyk oer Penjum fan Gwenda van der Vaart, docht bliken dat de oanwêzigheid fan kreative minsken yn in doarp fan grutte betsjutting is.

Keunst fergruttet it sosjale kapitaal fan in mienskip.

Wa't goed mei de buorlju omgiet is "fearkrêftiger".

Mei oare wurden: kultuer hâldt in mienskip fitaal.

Kultuer set ek urginte fraachstikken op de agenda. De produksje "Els" fan Fabian Jansen makke yn it koroana-jier de tema's iensumens en isolemint pynlik sichtber.

Opmerklik is dat wurden as “nagelstudio” en “massagesalon” faker op de parsekonferinsje fallen binne as “museum” en “creatieve sector”.

Unbegryplik! Want kultuer is de humuslaach fan de maatskippij. It soarget foar soerstof foar de geast!

Elkenien hat langstme nei ús iepenloftspullen, konserten, it skûtsjesilen en musea. Ik hoop dat kultuereveneminten ús libben dit jier op 'e nij kleur jaan sille.

Fjouwer jier lyn pleite kommissaris Leemhuis yn har nijjerstaspraak foar de weryntroduksje fan it ministearje fan Lânbou.

Dat departemint is der kommen. Goed foar ús provinsje, ynklusyf de regiodeals dy't 30 miljoen euro beskikber steld hawwe foar Holwert oan See en Súdeast Fryslân.

Mar allinnich mei in departemint rêde wy it net op.

Fryslân wol graach de lânbouprovinsje fan Nederlân bliuwe. Dêrfoar is as earste nedich dat de sektor romte en perspektyf krijt.

Us boeren rinne ynternasjonaal foarop wat saakkundichheid en effisjinsje oanbelanget. 80% fan de Fryske boeren wol nei in mear natuerfreonlike foarm omskeakelje. De helte sels al binnen 10 jier.

De oerheid hoecht de merk net te fertellen hoe't se feroarje moat. De skiednis lit sjen dat de sektor dêr sels goed ta yn steat is. De oerheid moat wol perspektyf biede mei dúdlike doelen.

Ryksboumaster Floris Alkemade bepleitet yn syn boek “De toekomst van Nederland” de emansipaasje fan de regio's.

Yn in tiid dat de priis fan huzen omheech sjitte, yn novimber mar leafst 9%, lykje de ferhalen oar Noardeast Fryslân as krimpgebiet te ferstomjen.

Alkemade stelt dat de identiteit en de ekonomy fan de regio's bûten de Rânestêd te maklik in minderwaardige rol tabedield krije.

Dat wylst twa tredde fan it bruto nasjonaal produkt bûten de Rânestêd fertsjinne wurdt.

Dêrby komt dat de kwaliteit fan libben yn it westen ôfnimt en de regio in oplossing wêze kin foar it tekoart oan romte. It wenjen yn it bysûnder.

Wolle wy skielk de kwaliteit fan libben op peil hâlde, dan is ynnovaasje en ekonomyske groei wichtich en berikberens essinsjeel.

Der is in projekt dat ús provinsje en it noarden in romtlik en ekonomysk perspektyf biede kin: de Lelyline.

Ik hoopje dat mei stipe fan VNO/NCW en de kennisynstellings it kommende kabinet dat projekt foarm doart te jaan.

Net allinnich yn it belang fan it noarden, mar ek yn it belang fan Nederlân en in part fan noardlik Europa.

Ien fan de skilderijen yn dizze 125 jier âlde steateseal is it tablo fan Gemma van Burmania, in edelman fan Ferwert. Hy woe by de ynstallaasje fan Filips II as hear fan de Nederlannen net op de knibbels foar de Kening.

“Friezen knibbelje allinnich mar foar God” sei hy.

Karakters en identiteit foarmje in folk.

It is saak om oer de drompel fan 2021 de rike Fryske skiednis te brûken as springplanke en net as sofa...

Langstme nei it ferline allinnich helpt ús net.

Nije kânsen en mooglikheden ûntsteane as jo foarút wolle.

As minske en as mienskip.

Ut namme fan it kolleezje fan Deputearre Steaten winskje ik jo foar it nije jier sûnens en lok ta. Fanút myn persoanlik perspektyf: Seine.

Ik hoopje dat wy elkoar yn 2021 wer fysyk moetsje meie yn de provinsje dy't ús bynt...